

Yn te foljen troch de griffier

moasje nû.	
paraaf	

**MOASJE, op grûn fan Kêst 29 Reglemint fan Oarder**

Steategearkomste	2 novimber 2011
Wurklistpunt	01B Begrutting 2012 Budzjet Steatekomitee Frysk

De Steaten, yn gearkomste by elkoar op de 2<sup>e</sup> fan Slachtmoanne 2011

heard hawwende de rieplachting;

oerwaagjend dat

- de Steaten op 7 novimber 2007 fia in inisjatyf-útstel mei algemiene stimmen besletten hawwe in Steatekomitee 'Frysk yn de Grûnwet' te ynstallearjen;
- dit Steatekomitee foar de Steateperioade 2011-2015 fuortset wurdt;
- Deputearre Steaten, Griffy en Steatefraksjes dêrby frege is yn goed oerlis mei it Steatekomitee, ynhâldlike en amtlike stipe te jaan;
- Besletten is dat aspekten as tiidsbesteging, tiidspaad, ynhâldlike wurkwize en en wize fan ôfstimming mei DS, yn oerlis mei it kolleezje c.q. de oanbelangjende Steatefraksjes en de Griffy plakfine;
- It Steatekomitee yn it oerlis fan 26 juny 2011 besletten hat om in moasje ta te rieden om de finânsjes fan it Steatekomitee foar de Steateperioade 2011-2015 te regeljen;

konstatearjend dat

- der yn de foarige perioade yn oerlis mei DS en de Steatefraksjes in regeling foar de stipe en finânsjes fan it Steatekomitee fêststeld is;
- dat dizze regeling fuortset wurde kin yn de perioade 2011-2015;
- de Steaten kieze foar it trochgean mei it Steatekomitee mei de oarspronklike 'beheinde' mar dúdlike primêre opdracht ta it fieren fan in lobby foar it Frysk yn de (Grûn) wet;
- it Komitee dêrneist te brûken as platfoarm fan oerlis mei de deputearre en de lobby foar oare ûnderwerpen de Haachske en Europeeske lobby foar it Frysk oanbelangjend;
- it Steatekomitee yn de foarige Steateperioade in protte wurk yn gong setten hat dat no dien makke wurde moat of earst yn de perioade 2011-2015 ta útfiering komt;
- der op basis fan eardere jierren in helder oersjoch leit fan de kosten fan dizze wurksumheden;
- út de jierstikken en de Berap bliken docht dat der foldwaande romte yn de VAR sit;
- eventuele oerskotten werom floeie sille yn de VAR en dêrmei beskikber bliuwe foar de Steaten;

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

- Yn de Begrutting 2012 oant en mei 2015 yn Programma 1 in bedrach fan € 30.000 per jier op te nimmen foar it wurk fan it Steatekomitee Frysk, wêryn begrepen de kosten fan (amtlke) stipe út de besteande organisaasje dy't ten lêste fan dit budzjet brocht wurde kinne, en de dekking te heljen út de VAR.

en gear oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP, Annigje Toering
	PvdA, Ingrid Wagenaar
	CDA, Fenny Reitsma
	VVD, Aukje de Vries
	SP, Jos van der Horst
	ChristenUnie, Ynze de Boer
	PVV, Max Aardema
	D66, Klaas Hettinga
	Grienlinks, Retze van der Honing
	Jelle Hiemstra